

Tynster ‘Superstjer’ fertsjinnet bewûndering

Plak: De Tynje, sportpark De Kampen. **Barren:** iepenloftspul ‘Jesus Christ Superstar’, nei de rockopera fan Andrew Lloyd Webber en Tim Rice. **Oersetting, bewurking en regy:** Rinze Hof. **Muzikale lieding:** Sander Stienstra. **Sjongcoach:** Atsje Lettinga. **Belangstelling:** útferkocht. **Noch te sjen:** jûn, 1 en 3 juny, mooglik ekstra foarstelling 4 juny.

DE TYNJE – De Tynje bestiet hûndert jier en fiert dat mei in bysûnder iepenloftspul, dêr’t omtrint hûndert minsken yn meispylje. De rockopera ‘Jesus Christ Superstar’ fan Andrew Lloyd Webber en Tim Rice soarge begjin jierren santich foar gâns opskuor yn tsjerklike rûnten. Dat de soan fan God mei rockmuzyk ûnthillige waard wie ien ding, mar dat de klam lei op de krityske sjenswize fan Judas en dat Jezus delset waard as gewoan minske mei twivels en swakheden wie noch helte slimmer. Sa’n skokeffekt kin it stik anno 2010 fansels net mear te wei bringe. Hielendal net op de Tynje, dêr’t in ferlosser dy’t him ûnder it gewoane folk bejout, op foarhân in soad kredyt hat.

Dat it in rockopera is, hâldt yn dat alle tekst songen wurdt. En fanwegen de populariteit fan it orizjineel út 1970 én de ferfilming út 1973, sitte de ferskes en sjongpartijen hast elkenien noch yn de holle. Benammen ‘I don’t know how to love him’ (op de Tynje songen as ‘Hoe moat ik

fan him hâlde’), wêryn’t Maria Magdalena har gefoelens foar Jezus uteret, is oer de hiele wrâld mei- en neisongen.

Dy populariteit is in pree, mar it nuodlike is dat in nije ferzy te folle oanhingje kin tsjin it orizjineel. En yn de ferfrysing is it ek nochris in heikerwei om de lingers en sjongberens fan it Ingelsk benei te kommen. Dat lêste pakt op de Tynje wolris ûngelikens út – de iene rigel ‘bekt’ better as de oare. En foaral yn it massasjongen is it in toer om alle tekst te ferstean.

Mar as gehiel twingt de Tynster ferzy fan ‘Superstar’ dochs bewûndering ôf. De band sit beskieden beskûle yn it dekor, mar leveret in topprestaasje. En ek de sjongcoaching hat dúdlik fertuten dien, want der wurdt mei hert en siel songen. Dêrby meie de prestaasjes fan Johan Meesters as Jezus en Björn Sinnema as Judas, sûnder de oaren tekoart te dwaan, wol even apart neamd wurde.

Yn it earste part bliuwt it aktearjen yn in pear sênes wat oan de skematyske kant, mar nei it skoft, as ek de ljochteffekten soargje foar yndrukwekkende bylden, wurde alle twivels wol oan kant reage. Der binne ûnferjitlike sênes, lykas dy mei de spotske Heroades en de konfrontaasje tusken Jezus en Judas. De iennige twivel dy’t oan de ein oerbliuwt is de fraach dy’t de skriuwers iepenlitte: ‘Jesus Kristus Superheld, bisto de messias dy’t waard foarspeld?’

FEDDE DIJKSTRA